




DOARPSNIJS

Nûmer 484

maaië 2024

KOLOFON

“Doarpsnijs” is in útjefte fan de Feriening foar Doarpsbelang Nijemardum en ferskynt op elke lêste tongersdei fan de moanne.

It earste krantsje kaam út yn april 1982.

De redaksje:

Wiepkje Holtrop	Lyklamawei 49	571310
Hedwig Beukens	Hege Bouwen 2a	572278
Annie de Kleine	Lyklamawei 34	571364
Jantsje Akkerman	Lyklamawei 27	571889
Coby Hospes	Lyklamawei 23	06 41696781
Rianne Witteveen	Wytlandsdykje 10	yllustrator
Sjoukje Kramer	Wissebuurt 12	yn elkoarsetter

E-mailadres: redaksje.doarpsnijs@gmail.com

Website: www.nijemardum.nl



It bestjoer fan Doarpsbelang:

Paul Rienstra (voorz)	Lyklamawei 39	571652
Jellie Zijlstra (secr)	Lyklamawei 4	0654612587
Dorpsbelangnijemirdum@gmail.com		
Tom Wezepoel	Lyklamawei 55	0620275676
(penningmeester, bankrek. NL30RABO0305244159)		
Jelle Siemonsma	Nij-Amerika 16	
Thys Laffra	Omrin 4	571551
Tiny Wildschut	Lyklamawei 16	571619
Mieke Koot	Lyklamawei 36	0654238830

E-mailadres buertplysje: patrick.bottinga@politie.nl of www.politie.nl

Wykbehearder gemeente: r.zijlstra@defryskemarren.nl, 0620548535 of www.defryskemarren.nl/melding

STOARN

Hindirk Jan Schotanus, soan fan Bote en Hanneke; Hy is 33 jier wurden.

BERNE



Op 23 april: Jinthe Martha Deinum,
dochter fan Frans Pieter en Baukje en
suske fan Janouk.

BEDANKT

Hierbij willen we iedereen bedanken die ons heeft
geholpen de garage leeg te maken na de brand op
4 mei.

Pieter en Sjoerdje van der Wal



BESTE MENSEN

Bedankt voor alle mee leven in wat voor vorm ook na mijn knie operatie.
Een lieve groet ook namens Teun.

Akke Stoker

BEDANKT

It wie gjin 1 aprilgrap doe't ik begjin foarige moanne fan de treppen foel.
Dêrby rekke myn ûnderste "nekwervel" skansearre.
Ik rin no al 7 wiken mei in "brace" om en mei net fytse, hurddrive en autoride,
mar gelokkich wol rinne. Jimme sjogge my fêst wolris gean.
Ik moat toch wat.. En it hie fansels folle slimmer ôfrinne kind.
Jan en ús fammen binne geweldige helptroepen. Ik ha no ek altyd in BOB!
Mar leave minsken, wat ha jimme troch it stjoeren fan kaarten, taarten,
blommen en sa mear, oan my tocht.... net te leauwen!
Ik wol jimme dêrfoar tige tanke.
It hat my hiel goed dien.

Leafs Wiepkje Holtrop

EK VOETBAL

Eind juni mag het Nederlands elftal weer voetballen om de EK titel.
We willen het dorps huis graag openstellen om met z'n allen daar het voetbal te zien onder het genot van een hapje en een drankje.
Ze moeten zondag 16 juni om 15.00 uur, vrijdag 21 juni om 21.00 uur ook is het dan snackavond ipv 28 juni en dinsdag 25 juni 18.00 uur.
Komt allen en laten we er gezellige middagen/avonden van maken.

Lokaalvereniging

ACTIE THYS EN AUKJE LAFFRA

Er zijn vaak veel meer redenen te bedenken om iets niet te doen dan om iets wel te doen.

Uiteindelijk hebben wij er voor gekozen om wel een actie op te zetten voor een paar onfortuinlijke mede inwoners.

Aan iedereen is het vervolgens vrij om wel of niet mee te doen of op een andere manier steun te betuigen.

Waar het om gaat is dat we een beetje blijven omzien naar elkaar, op welke manier dan ook.

We zijn erg blij dat we Thys en Aukje kunnen helpen met een prachtige opbrengst van € 4.910,00.

Heel veel dank aan alle gevers.

NB: Thys en Aukje komen in het volgende nummer van Doarpsnijs uitgebreid terug op de actie en zullen dan ook wat meer achtergrond geven over het hoe en wat rondom long Covid en de gevolgde therapie.

Teatske Veen, Wiepkje Holtrop en Paul Rienstra

BESTE DORPSGENOTEN

Heb je het gehoord? Onze bruisende Dorpsfeesten Beker heeft besloten om een eigen avontuur te beleven en is spoorloos verdwenen!

Nu willen we hem natuurlijk dolgraag terugbrengen naar waar hij hoort - het stralende middelpunt van onze festiviteiten. Maar daar hebben we jouw hulp voor nodig!

Als je ook maar een glimp opvangt van onze ondeugende trofee, of als je zelfs maar een klein vermoeden hebt van zijn schuilplaats, laat het ons dan alsjeblieft weten. We beloven dat we hem niet te streng zullen toespreken, we willen gewoon dat hij weer bij ons terugkomt.

Heb je de beker gevonden? Stuur ons een mail op fcn1948@gmail.com.

Met feestelijke groeten, de feestcommissie

EEN NÓG MOOIER, VEILIGER, LEEFBAARDER EN GEZELLIGER NIJEMIRDUM:



HET KAN: Maar wel met jouw hulp!

Denk en doe mee met:

Wonen

Hoe krijgen we inzicht in woonideeën van inwoners?

We zijn opzoek naar mensen met ideeën, wensen en vragen.

Recreatie & Toerisme

Op welke manieren houden we ons dorp gastvrij en aantrekkelijk voor jong en oud?

Bijvoorbeeld:

- Dorpshuis
- Start wandel- en fietsroutes
- Informatiepunten op interessante plekken
- Toilet en koffie voor fietsers

Leefgeluk

Hoe kunnen we onze leefomgeving verbeteren?

Bijvoorbeeld:

- Doorgaande weg aantrekkelijker maken
- Leugenbankje
- Dorp meer sfeer geven
- Multifunctioneel dorpshuis

**Samen stappen zetten voor de toekomst
van ons dorp!**

Meer weten? Mail Mieke Koot:

dorpsbelang@nijemirdum.nl

Alvast bedankt voor jullie betrokkenheid!

Graag tot donderdag 13 juni.

WA BIN IK?

De riedsels wurde sa stadichoan wat dregger, mar der binne altyd wer minsken dy't stoef trochsette en der hâlde wy as redaksje wol fan.

De oplossing fan foarige moanne is:

Jan Buma.

Dat sit sa: De broer fan de bibelske Jabik is Johannes.

Johannes is in Hebrieuske namme en **Jan** is hjirfan ôflaat.

De broer fan Jabik

bart de

auteursrjochten

Auteursrjochten bart de **Buma** Stemra (in organisaasje dy't de belangen fan muzykmakkers beheart)

De droege woarst giet diskear nei Diete Runia yn Balk, lokwinske!
En dan no dizze mar probearje.

In bekende sjongeres út

ferfleine tiid sjongt it

heechste liet

yn in beam yn 'e polder

Belje jimme oplossing nei nr.571889

Of mail nei :

Redaksje.doarpsnijs @gmail.com

Jantsje

****ZOMER BBQ EN ZESKAMP 29-6-2024****

De zomer staat voor de deur en dat betekent dat het tijd is voor onze Zomer BBQ met dit jaar als aanvulling een Zeskamp! Dit alles vindt plaats op **29-6-2024**.

Voor de BBQ hebben we uw hulp nodig om het juiste aantal vlees in te kopen. De bbq begint om 18.00 uur. Meld u aan voor **15-6-2024** zodat we voor iedereen kunnen zorgen en verspilling kunnen minimaliseren.

Voor de zeskamp, die om 14.00 uur begint, vormen zich teams van 6 en strijd om de titel! Kinderen vanaf 12 jaar mogen zelfstandig meedoen, onder 12 jaar moet minstens 1 volwassene meedoen. Er zijn verschillende leuke spellen zoals:

- Dokter Bibber,
- Sokkenspiel,
- Waterlopen,
- Langlaufen,
- Driehoek lopen
- Ringrijden.

Het winnende team gaat niet alleen naar huis met de eer, maar ook met een leuke prijs!

Opgave aan beide evenementen is **gratis** en **vereist**.

Opgeven kan door de onderstaande QR code te scannen, of te mailen naar: fc1948@gmail.com.

We zien uw aanmelding graag!

De feestcommissie



NIJEMIRDUM HEEFT EEN BUURTWERKSTER

Bijna bij toeval belande Laurine Wierda van Sociaal werk de Kear bij ons op de ledenvergadering van 31 januari jl. We hebben toen heel kort kennis gemaakt met haar en de organisatie waar ze voor werkt, met de belofte dat we via doarpsnijs wat meer informatie hierover zouden verstrekken.

Laurine is dus zoals gezegd, werkzaam bij de Kear. Deze organisatie ondersteunt inwoners in de gemeente De Fryske Marren op het gebied van welzijn op diverse vlakken.

De organisatie heeft verschillende pijlers hoog in het vaandel.

Mantelzorg, vrijwilligerswerk en leefbaarheid

Een van de belangrijkste pijlers is het ondersteunen van mantelzorgers, het bevorderen van vrijwilligerswerk en het versterken van de leefbaarheid in onze gemeenschap. Laurine staat klaar om mantelzorgers bijvoorbeeld te verwijzen naar het MIP (mantelzorg Informatiepunt). Ook verkent ze samen met inwoners de mogelijkheden om vrijwilligerswerk te stimuleren en zo de gemeenschap nog hechter te maken. Samen streven naar een leefbare omgeving waarin iedereen zich thuis voelt.

Ondersteunen bij inwonersinitiatieven

De organisatie ondersteunt initiatieven die de gemeenschap kunnen versterken. Te denken valt aan het organiseren van een buurtfeest, het opzetten van een buurthulpnetwerk of het verbeteren van de lokale voorzieningen.

Duurzaamheid en energietransitie

Duurzaamheid en de energietransitie zijn tegenwoordig essentiële thema's. Laurine kan als buurtwerker onze gemeenschap begeleiden in deze transitie. Samen kijken naar manieren waarop we onze leefomgeving kunnen verduurzamen en hoe we als gemeenschap een positieve impact kunnen hebben op het milieu.

Koppeling sociaal werk

Laurine benadrukt dat sociaal werk niet los staat van andere aspecten van ons leven. Ze geloofd sterk in de koppeling tussen sociaal werk en andere belangrijke

thema's zoals duurzaamheid, energietransitie en leefbaarheid. Samen werken aan een welvarende en veerkrachtige gemeenschap.

Het is mogelijk om Laurine rechtstreeks te benaderen via
l.wierda@sociaalwerkdekear.nl

Ze staat klaar om met jullie en ons mee te denken.

Mocht je meer informatie over de Kear willen, neem dan eens een kijkje op de website.

www.sociaalwerkdekear.nl

Bestuur dorpsbelang Nijemirdum

SNACKAVOND

Op de laatste vrijdagen van de maand is het Doarpshús vanaf 17.00 uur weer open voor het bestellen en/of afhalen van diverse snacks.

tel. 0514-571 428

Schrijf het maar in je agenda: vrijdag 31 mei, vrijdag **21** juni en dan weer na de vakantie vrijdag 27 september.

RECLAMEFOLDERS

Heel veel inwoners hebben al een ja-sticker geplakt. Zo nu en dan komt er nog één bij, prima. Ik heb ook nog wel ja-stickers mocht u ze kwijt zijn.

Maar wil degene die geen folders willen zich afmelden bij “in mijn bus.nl” ?

Dit wil Spotta (reclamebureau) graag, anders moeten jullie volgens Spotta toch nog folders hebben, maar van de Fryske Marren mag dit niet.

Dit is voor de bezorgers ook duidelijker en hoeft ik niet vele folderpakketten in de container te doen.

Met vriendelijke groet, Sjoukje Kramer-Rienstra

IT HIMD FAN IT GAT

Doe't ik yn maart wer myn jierlikse rûntsje mei de kollektebus troch de Omrin dyng, liet ik de doarklopper op nûmer 19 klepperje. Net te hurd want ik ha gjin idee hoe dúdlik it lûd fan de klopper yn 'e hûs te hearren is. Al gau gyng de doar iepen en koe ik de bus toane, mar ik kriich ek de kâns om Siebe Brouwer te freegjen foar in petear yn ús Doarpsnijs. "Wy lêze it Doarpsnijs graach, en ik fyn dy ynterviews ek moai, mar ik bin in hiel gewoan minske en ha niks bysûnders te fertellen". Sa besiket Siebe de boat wat ôf te hâlden, mar nei myn antwurd dat wol mear minsken dat sizze, krijt hy der wol betrouwen yn en giet gelokkich dochs op myn útnoeging yn. Flak foar de Pinksterdagen rin ik efkes by harren oan en



meitsje wy in ôfspraak. Siebe sit mei syn Martsje achter hûs te genietsjen fan it moaie waar. Harren tún is prachtich ynrjochte. In nije ôfskieding mei de buorlju is pleatst en oeral steane nije plantjes. In hiel soad bakken fol mei blommen yn hoera-stimming fleurje it hiem op. Martsje besjocht harren agenda efkes goed en in pear dagen letter mei ik al mei myn fragelist oankomme.

Dan jouwe wy ús by de grutte tafel yn 'e keamer del, want wy sille it fêst wol pratende hâlde, mar ik moat ek wat opskriuwe fansels. Foardat ik papier en pinne út de tas ha, set Martsje al in bakje tee en in skaal mei koekjes foar my del. Yn 'e gong seach ik al boartersguod stean dus myn earste fraach giet oer harren bern. It docht bliken dat Siebe Brouwer en Martje Osinga fjouwer bern krigen ha. Twa jonges en twa famkes. Dy ha alle fjouwer in partner en der binne ek al 10 pake- en beppesizzers.

Wannear en wêr bisto berne?

Op 15 febrewaris 1954 oan 'e Slachte nr. 1 yn Kubaard.

Wat woest as bern graach wurde?

Hússkilder. Alles moai fervje en behingje like my prachtich ta.

Watfoar oplieding hasto dien?

Nei de legere skoalle yn Kubaard ha ik nei de Ambachtsskoalle yn Boalsert west. Earst om it timmerjen te learen en dêrnei ha ik noch 1 jier lang nei skoalle west om it fak fan metseljen ûnder de knibbel de krijen.

Dat is slagge?

Jawis, ik helle it diploma. Letter ha ik noch meidien oan it Ned.Kampioenskip Metseljen.

Martsje seit “Ja, en doe kaamst mei in Sulveren Troffel thús!”

En nei de Ambachtsskoalle wiest al “útleard”?

Ja, ik wie 16 jier doe’t ik as metseler oan it wurk gyng en dat ha ik 12 jier folholden.

Yn ‘e rin fan de jierren kriich ik ferkearing mei Martsje; wy trouden en setten ús te wenjen yn Wommels. Dêr ha wy doe sels in nij hûs boud.

Neist dyn baan yn dyn “frije”tiid?

Wol ja, Martsje en ús famyljes holpen ek wol mei hear.



Ik sjoch de praktyk fan sa’n ûndernimming by myn buorlju op Lyklamawei 32... wat in hurde wurkers!

Ja, je moatte wol in trochsetter wêze.

Do bist fan boere-komôf...

Us heit wie boer yn Kubaard, mar dêr bin ik sels gjin boer wurden. Dat barde yn it begjin fan de tachtiger jierren. Myn skoanheit wie boer yn Koufurderrige en doe’t syn sûnens minder waard, frege hy my om de buorkerij mei troch te setten.

Dus gjin troffel mear yn ‘e hân, mar in kowejaar?

Jawis, mar wy moasten doe fansels ek ferhúzje en kochten in hûs yn ‘e Hommerts. Ek dêr ha wy sels wer in nij hûs boud, dus dy troffel wie altyd binnen hânberik. Yn 1989 ha wy ruile mei Martsje har âlden en binne wy ferhuze nei de pleats yn Koufurderrige.

Hoe binne jimme yn Nijemardum bedarre?

Yn 2017 ha wy ús bedriuw ferkocht, mar wy mochten noch wol op de pleats bliuwe te wenjen. Wy hienen doe yn de holle om nei Balk ta te wenjen. Dat like ús in moai plak ta. Al gau waard de boel yn Koufurderrige wér ferkocht en doe moasten wy rap om wat oars sjen. No wie Yke van der Wal foar it Technysk Bedriuw fan Bokma út Aldemardum op de pleats oan it wurk en dy wist wol in plakje foar ús. Dat wie by Laurens en Tiny Wildschut, foar de skoalle oer hjir yn Nijemardum. In skoftke letter koenen wy dit hûs oan 'e Omrin keapje.

Hasto ek noch oan it wurk west doe't jimme it eigen bedriuw ferkocht hienen?

Fia AB ha ik noch in oantal jierren as melker oan 'e slach west.

Hast ek "neven"funksjes?

Freds gean ik nei it Breahûs yn Balk. Dêr kinne minsken dan komme te bloedprikken en ik hâld it spul dêr wat yn 'e gaten. Fierder sit ik ek noch yn 'e tsjerkerie fan de PKN-tsjerke yn Balk. As diaken kom ik gauris by minsken oer de flier om in attinsje út namme fan de tsjerke te bringen.

Wy ha hjir ek in tsjerke, hoe komt it dat jimme oansluten en aktyf binne yn Balk?

Doe't wy noch op de pleats wennen betochten wy al dat wy "letter" wol nei Balk ta woenen en sadwaande ha wy ús al gau oanmelden by de tsjerke dêr. It wie net frjemd dat ik yn koarte tiid frege waard om yn funksje te gean as diaken. Minsken wolle har tsjintwurdich net mear bine oan ferienings en ynstânsjes. Ik fyn de bân mei de neiste wichtich en mien dat de tsjerke dêr in belangrike rol yn spylje kin. Mei it elkoar besykjen en soms wat moed yn te sprekken kinne jo wat foar elkoar betsjutte. De tsjerke rint der miskien wol wat yn achter, mar moat wol in iepen each ha foar alle feroaringen yn dizze tiid, benammen foar de jonge minsken.



Hasto hobby's?

Ik ha wol nocht oan it ûnderhâld fan de tún en mei graach in ritsje dwaan op 'e motor. In eintsje fytse hâld ik ek fan. De âlvestêdetocht op Pinkstermoandei ha ik ek gauris fytst. Sûnt jierren ha ik in seizoenkaart en besykje ik de fuotbalwedstriden fan S.C. Hearrenfean.

No mei Van Persie...

It is te hopen dat hy mei wat mear entûsjasme mei de ploech oan it wurk giet as syn foargonger. Dêr siet net al te folle libben yn, fûn ik.



Hâldsto ek fan lêzen en muzyk?

Moarns lêze wy de krante, mar gjin boeken ofsa. Ik ha gjin foarkar foar in bepaalde soort fan muzyk, mar lústerje wol graach nei in goed koar yn 'e tsjerke.

Folgje jimme ek TV-programma's?

Sportprogramma's en neist it sjoernal wolris nei searjes sa as "Urk" en "de Augurkenkoning" en op SBS6 ek wol nei Veronica Inside en "Hart van Nederland".

Wat fynst fan Nijemardum?

Wy wenje hjir prachtich..... En dan: Yn dizze tiid rinne kontakten oeral oars as earder. It is no gewoan dat hast alle minsken in baan ha en meastentiids net thús binne. De bern binne nei in opfang en men hat ek gauris in

fakânsje-útsje. Dat betsjut dat der net folle tiid oerbliuwt foar persoanlike kontakten en dat fyn ik wol in gemis. Ek de sosjal media spylje in grutte rol. Wy appe elkoar wol, mar sjogge net sa gau mear nei elkoar om. Ik fyn dat spitich.

Wat fynst fan it Doarpsnijs?

Leuk, wy lêze it hielendal.

Wat fynst fan de Fryske taal?

Wy hâlde fan ús memmetaal, mar as it moat skeakelje wy dochs wol gau oer...

Geane jimme ek mei fakânsje?

Earder gyngen wy mei de bern wol nei in Centerpark û.o. yn Valkenburg en letter tegearre wol mei in Cruise.

By it âlder wurden rekket men lichaaamlik wol wat beheinder en sadwaande meitsje wy noch wol útstapkes nei de bern ensa, mar lange tiid op fakânsje hoecht foar ús net.

Wêr soest net sûnder kinne?

De tillefoan en... boppe hinget in âlde spegel..., wol in bytsje skeind, mar ien mei in ferhaal. Siebe fertelt ek noch in ferhaal oer in gouden ring dy't fuort wie en ek wer fûn. Martsje soe him letter ervje...mar?

Folgest de polityk?

It liket derop dat de 4 kopstikken dy't moannenlang praten ha, derút binne hoe't it mei ús lân fierder moat of kin. Lit it harren besykje. Hooplik steane der goede lieder op.

Hoe sjochst nei jimme takomst?

Wy hoopje hjir yn tefredenheid noch lang wenje te kinnen.

Hasto winsken?

Einliks mar ien: dat wy sûn bliuwe meie.

Nei alles dat wy bepraten ha, drinke wy noch wat fris en besjoch ik de prachtige nifelwurkjes en kleurplaten dy't de bern foar Pake Siebe syn 70^{ste} jierdei makke ha. Pake hat yn 'e rin fan de tiid sels ek drok dwaande west om dit hiele hûs op te knappen. Wat is it moai wurden. Gjini wûnder hear, want as bern dreamde hy der ommers al fan om hûsskilder te wurden?

Annie



BESTE DORPSGENOTEN

Kennen jullie Alpe d'HuZes?

Dit is een uniek sportief evenement waarbij zoveel mogelijk geld wordt ingezameld voor **onderzoek naar kanker** en naar **verbetering van de kwaliteit van leven van mensen met kanker**.

Op 6 juni loop ik voor de derde keer als deelnemer de Alpe d'Huez op om geld in te zamelen voor dit goede doel. Helpen jullie mij om mijn streefbedrag te halen? Ieder bedrag is welkom en alles komt rechtstreeks ten goede van deze stichting.

Hoe?



Scan de QR code met je
telefoon of log in op

mijnactiepagina: <https://www.opgevenisgeenoptie.nl/s/6243/24320/e>

Jellie Zijlstra

SNELHEIDSMETING HOITEBUORREN

Wordt er nu echt zo hard gereden op Hoitebuorren? Dorpsbelang was hier uiteraard ook wel benieuwd naar en na een aantal mislukte pogingen is het uiteindelijk gelukt om hier inzicht in te krijgen. Hoe verontrustend is het allemaal? En wanneer is het verontrustend? Het tegenstrijdige is dat we er allemaal naar streven dat iedereen zich aan de maximum snelheid houdt terwijl we tegelijkertijd weten dat we hier zelf ook best vaak moeite mee hebben. De eerste conclusie die we dan ook kunnen trekken is dat er ook op Hoitebuorren vaak te snel wordt gereden. 13,7% van de metingen geeft een snelheid aan die hoger is dan de toegestane 80 km/h. Even ter vergelijking; een meting op de Hege Bouwen in het verleden geeft aan dat daar op zeker moment 34,5% van de metingen boven de daar toegestane maximum snelheid van 60 km/h uitkomt. Dat is in verhouding veel meer. Het verschil zit hem vaak in het aantal excessen. Zo ook hier. Op de Hege Bouwen ging het om 49 metingen (1,9%) boven de 80 km/h. Op Hoitebuorren gaat het om 361 metingen (2,7%) boven de 90 km/h. waarvan 28 uitkomen op 99 km/h. of sneller. Voor verkeersdeskundigen vaak niet voldoende om maatregelen te nemen maar uiteraard gaan we deze cijfers bij gelegenheid weer voorleggen aan de wijkagent en/of gemeente.

Dorpsbelang



NIJEMARDUMER VOLLEYBALTOERNOAI

It falt net altyd mei om in datum te finen. Sa oan de ein fan it skoaljier binne der noch in soad aktiviteiten, lykas de musical, diploma-útrikking, avondvierdaagse. En dan ha wy dit jier ek wer de EK fuotbal. Mar dochs ha wy wer twa data prikt om it Nijemardumer volleybaltoernoai te organisearjen: **tiisdei 9 july en freed 12 july**. De op ien nei lêste wike foar de simmerfakânsje.

Bist 15 jier of âlder en witst hoe' t it spulsje wurket, doch dan mei.

De dielnimmers fan foarich jier dogge automatysk wer mei. Kinst net of wolst om in oare reden net meidwaan, dan graach op tiid ôfmelde. **Graach foar 22 juny!**

Wy spylje wer op it stikje lân efter it Doarpshûs.


Wy hoopje op twa sportive jûnen!

Dit wurdt de 25 ste kear dat wy dit organisearje en wy ha foarich jier oanjûn dat dit it lêste jier foar ús wurdt. Hooplik binne der in pear entûsjaste doarpsgenoaten dy' t it stokje fan ús oernimme wolle.

<i>Bauke:</i>	Hege Bouwen 2a,	572278
<i>Wieger:</i>	Lyklamawei 61,	063043194 6
<i>Wiepkje:</i>	Lyklamawei 49,	571310 of 0610547123
<i>Coby Hospes:</i>	Lyklamawei 23,	0641696781



As Omke syn nocht hat fan Tante har
“Jaaa, mar as...” geemmel, ropt hy:



“As ús Poeky fleane koe,
wie der gjin protter mear yn ‘e loft”.



Mei tank oan de folgjende minsken/bedriuwen kin Doarpsnijs elke moanne útbrocht wurde:

Harmen en Lieske Bangma	Camping De Groninger
Albert en Jeannet Bekedam	Vakantiewoningen en groepsaccommodatie
Bauke en Hedwig Beukens	Garant Zaden
Bed & Breakfast Lyklamastate	Kamers en appartementen
Kim van den Brom	Total Support For Marine
Jan Buma	Buma Handel
Ortwin Dellevoet	Lopifit Gaasterland
Johan A. Dijkstra	Dierenarts
Jelle Eppinga	Boomkwekerij
Runia Fourage BV	Veevoerders
Ede Groenhof	Transportbedrijf/verhuizingen
Halbe Hielkema	Bouw- en onderhoudsbedrijf
Atze Hoekstra	Douwe Hoekstra kraanverhuur en transport
Tryntsje de Jong-Rienstra	Kapsalon Tryntsje
Mieke Koot	Generatiethuis
Koen Maronier	Yacht Power BV
Cees en Johannes v.d. Meer	Van der Meer Mechanisatie
Gebroeders Postma	BHP Funderingstechniek
Hendrik Postma	Motorenrevisie/reparatie
Marijke Postma	Kniphúske kapsalon en nagelstudio
Jan-Dirk van der Tol	Feedtuber B.V.
Runia Transport Nijemirdum	Transportbedrijf
Ruerd Vellinga	Vellinga werkschoenen en -kleding
Annoesjka de Vries	Pedicure
De Vries	Slagerij, Oudemirdum
Ilse Wezepoel	Snuffelplezier
Rianne Witteveen	Dsign & printmkr

De famylje Kramer soarget derfoar dat it krantsje elke lêste tongersdei fan 'e moanne by de minsken thús komt.

DUOFYTS RESERVEARJE:

Dat kinne jo melde by Wiepkje Holtrop 06-10547123



INZAMELINGSPUNTEN:

Wat:

Plastic doppen van flessen,
tubes, potten en bussen

Waar:

Fam. Strampel,
Heaburgen 1

t.b.v.:

KNGF
blindegeleide-honden.

Inkt-cartridges, toners en
oude mobieltjes


Fam. Hoekstra,
Hoitebuorren 18a

Stichting
Kinderhulp Oeganda

Metalen/blikjes/doppen /
deksels/ spuitbussen

Fam. Rienstra,
Omrin 14

STOPhersentumoren.nl



AGINDA

31	maaie	Snackjûn doarpshûs
13	juny	DOM projekt
29	juny	Barbecue en zeskamp
16, 21 en 25	juny	Fuotbal sjen yn it doarpshûs
21	juny	Snackjûn doarpshûs
9 en 12	july	Volleybaltoernoai
27	sept.	Snackjûn doarpshûs
28	sept.	Playbackshow

IT FOLGJENDE KRANTSJE ferskynt op tongersdei 27 juny

KOPIJ YNLEVERJE foar moandei 17 juny

by ien fan de redaksjeleden

in e-mail stjoere kin ek: redaksje.doarpsnijs@gmail.com